

Emigrearje of thúsbliuwe



**Hylke Speerstra -
De treastfûgel**
Bornmeer, De Gordyk;
kadoboe Moanne fan it
Fryske boek by oankeap fan
€10 oan Fryske boeken

Yn elke flecht trekfûgels fljocht in oarsoartige fûgel mei om yn dy flecht treast te bringen, want se hawwe in lange en swiere reis te gean,” seit Meindert tsjin Ytsje. It binne twa buorbern yn Hichtum, dy’t direkt nei harren skoaltiid by de boer oan it wurk moatte.

Hylke Speerstra - skriuwer fan ‘It wrede paradys’ (1999) en ‘De Oerpolder’ (2008) - hat yn it kadoboe fan dit jier de ûnderwerpen fan beide romans kombinearre: ‘De treastfûgel’ giet oer Friezen dy’t bliuwe en oer Friezen dy’t emigrearje. Ytsje giet nei Amearika en Meindert bliuwt yn Fryslân. De achterflaptekst seit alfêst dat de neikommelingen fan Ytsje en Meindert inoar wer tsjinkomme en dat gegeven docht tinken oan dy oare twa Fryske bestsellers ‘De hearen fan Fryslân’ (2008) en ‘It Eagleton-segel’ (2010) fan Arjen Terpstra, want dy hannelje ek oer emigraasje en lettere moetingen fan neikommelingen.

Mar dit boekje is net sa dik: Speerstra fljocht yn 108 siden troch trije generaasjes fan twa famyljes hinne. It giet up-tempo en it lêst flot, mar soms is der in detail fuortfallen mei dit opsjitte wollen. Wêr bliuwt Lolke, de twillingbroer fan Nanno? Krige dy gjin oprop om soldaat te wurden? En wa is de Fryske jonge yn

Antwerpen út de epilooch? De struktuer fan de novelle is simpel: Ytsje en Meindert krije om bar in haadstik en it is gronologysk ferteld. It neidiel dêrfan is dat de haadstikken op in stuit te folle útinoar rinne mar dat is net sa slim, want it slagget Speerstra goed de karakters fan de personaazjes en harren neiteam del te setten. Just dy ferskillende karakters bepale it lot fan de beide famyljes.

It motto mei dan wol it tsjintwurdich faak sitearre: ‘Net wat wy belibje is ús lot, mar hoe’t wy it drage’ wêze, mar dat wurdt tsjinsprutsen troch de ûntjouwing fan it ferhaal sels. De kar dy’t it motto suggerearet is der net. It ferhaal ûnderstrekent dat it foaral jins aard is dat jins omgong mei it lot bepaalt: Ytsje is in trochsetter, wurket hurd en úteinlik giet it har foar de wyn, yn tsjinstelling ta Meindert dy’t mei syn ûnôfhinklik bliuisterich karakter noait ryk wurde sil. It is dan ek wol wat moralistysk, foaral omdat it neiteam fan Meindert oan de kant fan de Dútse besetter bedarret. Yn de ferantwurdiging ferklearret Speerstra de moaie titel. De treastfûgel stiet foar de treast dy’t in mins op syn swiere reis nedich hat. En ek al fyn ik dy treast foar ûnderweis net sa gau yn it boek werom, it is wol hiel moai sein. JETSKE BILKER